

Temateek

# beppe har bril

Ysbrand Drost

ssst.. beppe koest.

se sit op 'e bank.

sef sit oan 'e tafel.

hy makket in puzel.

it is hast klear.

noch in pear stikjes.

mar dan....

bats!

de doaze falt op 'e grûn.

beppe skrikt wakker.

'wat wie dat?

wêr is myn bril?' freget se.

sef wit it ek net.

'wolst helpe mei sykjen?

ik sjoch sa neat.'

'jawis,' seit sef.

wêr hat beppe it lêst west?' freget sef.

beppe tinkt nei.



'ik ha kofje makke,' seit se.

sef stapt nei de keuken.

nee, gjin bril.

net op it oanrjocht.

net op 'e planke.

en net yn 'e finsterbank.

'wêr hat beppe noch mear west?' freget sef.

beppe tinkt nei.

'ik ha de wask ophongen,' seit se.

sef giet nei bûten ta.

de wask hinget.

mar dêr leit gjin bril.

net op it gers.

net op 'e tegels.

en net yn 'e waskkoer.

'tink noch ris hiel goed nei,

seit sef tsjin beppe.

se tinkt djip nei.

'doe gie ik hjir sitten.

ik woe in boek lêze,' seit se.

'en doe is beppe yn sliep fallen?'

sef sjocht beppe oan.



dan sjocht hy it!

'de bril...' gniist hy,

'sit by beppe op 'e holle!'

beppe tysket yn har hier.

'ja!' ropt se bliid.

'wat dom fan my.'

sef giet werom nei de tafel.

de puzel is hast klear.

'o nee,' ropt er.

'ik mis ien stikje!'

hy siket.

beppe sjocht op fan har boek.

'ik ha it al fûn.'

se wiist nei de grûn.

'dêr,' laket se.

'njonken de doaze.'

sef moat laitsje.

'ik bin bliid dat beppe alles wer sjocht!'

